



KBS De Tarissing
O.f.  
Ds. van Velzenstrjitte 17
9289 JB DROEGEHAM

Ljouwert, 4 oktober 2023
Ferstjoerd, **10 OKT. 2023**

Ús merkteken : 02155087
Ôfd./Opjefte : Subsydzjes
Opsteld troch : Subsydzjes - KGF / (058) 292 59 25 of provincie@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : PF-2023/266793: Wegeringsbeslút oangeande jo oanfraach subsydzje foar oanskaf materiaal, it dielnimmen oan kultueredukaasje, reiskosten kultueredukaasje en it frijroasterjen fan in wurknimmer.
Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter, iepenstelling 2023.

Achte  

Op 12 july 2023, hawwe wy jo subsydzje-oanfraach yn it ramt fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter (hjirnei: de regeling) ûntfongen. Jo freegje in subsydzje oan foar oanskaf materiaal, it dielnimmen oan kultueredukaasje, reiskosten kultueredukaasje en it frijroasterjen fan in wurknimmer (hjirnei: jo projekt). Jo oanfraach is by ús ûnder saaknûmer PF-2023/266793 registrearre. Yn dit brief stiet ús beslút en lizze wy út wêrom't wy dat beslút nommen hawwe.

Wat is ús beslút?

Wy hawwe besletten jo gjin subsydzje te jaan.

Motivearring

It foar de regeling fêststelde subsydzjeplafond is berikt troch de honorearring fan folsleine oanfragen dy't earder as jo oanfraach ûntfongen binne. It jaan fan subsydzje oan jo soe derta liede dat oer it subsydzjeplafond hinne gien wurdt. Dêrom wegerje wy jo oanfraach op grûn fan kêst 4:25 lid 2 fan de Algemene wet bestuursrecht. Dêryn is fêstlein dat in subsydzje wegere wurdt foar safier't troch it jaan fan it subsydzje oer it subsydzjeplafond hinne gien wurde soe. As gefolch fan dy wegeringsgrûn is jo oanfraach net mear ynhâldlik beoardiele.

Hokker wet- en regeljouwing is fan tapassing?

Op dit wegeringsbeslút binne de Algemene wet bestuursrecht, de Algemene subsidieverordening provinsje Fryslân 2013 en de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter, fan tapassing. Mear ynformaasje dêroer fine jo fia www.fryslan.frl en wetten.overheid.nl.


Hawwe jo noch fragen?

Nim by fragen kontakt op mei de provinsje Fryslân. Dat dogge jo troch te beljen nei (058) 292 5925. Jo kinne ek in e-mail nei provincie@fryslan.frl stjoere of in brief nei: Provinsje Fryslân, ôfdieling Subsydzjes, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert. Wy wize jo der mei klam op dat jo alle korrespondinsje mei ús oangeande jo projekt fia it neamde e-mailadres en/of postadres fiere moatte.

By kontakt mei ús graach altyd it saaknûmer PF-2023/266793 neame, dat wy jo better helpe kinne.

Mei rju achting,

Út namme fan it kolleezie fan Deputearre Steaten,



manager Afdeling Subsydzjesaken

Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de deitekening;
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimer* fan it beslút;
- de grûnen fan it beswier;
- de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.frl ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen